



Kritenijs

Nijsbrief Krite Grou – july 2019

Foar jim as Kriteleden hjirby de primeur fan ús programma foar it kommende winterskoft. Yn dizze nijsbrief kinne jim der alles oer lêze. It is neffens ús op 'e nij slagge om in moai kultureel oanbod foar Grou gear te stallen. We dogge ús biedwurd 'Kultuer tichtby hûs' sa wer alle eare oan. It folsleine programma mei alle ynformaasje oer prizen en tiden en wurdt ein july/begjin augustus hûs-oan-hûs rûnbrocht. As it safier is kinne jim op ús webside www.kritegrou.nl ek alle ynformaasje fine. Folgje ús ek op Facebook: <https://www.facebook.com/kritegrou/>.

Wat kinne jim it kommende Kriteseizoen ferwachtsje?

Jiergearkomste en de revu *Bylden fan de bruorren Halbertsma*



We starte it Krite-seizoen 2019-2020 mei de jiergearkomste foar ús Krite-leden. Nei it skoft binne ek net-leden tige wolkom. We litte dan op in grut skerm de revu *Bylden fan de bruorren Halbertsma* sjen. Dy revu is yn novimber 2000 opfierd ta gelegenheid fan it 125-jierrich bestean fan Krite Grou. Tal fan Grousters dogge deryn mei, in slach âlder mar grif noch werkenber.

Freed 20 septimber 2019 by Jeugdherberch Oer 't Hout

Tryater – Raze om protters (*wannear't it genôch is*)

Yn it libben fan Doede, in jonge mei in licht ferstanlike beheining, is in soad feroare. Der is gjin plak mear foar him by de sosjale wurkpleats en syn passy foar de dowsport driget ûnbetelber te wurden. De maat is fol. Hy easket tiid en oandacht foar **sýn** libben, foar wat **hý** wichtich fynt.

Yn dizze oandwaanlike teaterfoarstelling wurdst gizele troch Doede - mar meitsje dy gjin soargen: hy hat gjin kwea yn it sin. Hy wol allinne mar hiel graach datst efkes harkest -. Hy nimt dy mei yn syn wrâld, yn syn dreamen, lâns de paden fan syn ûnfrede, iensumheid en langstme. Kinste him hearre?

Sneon 12 oktober 2019 by Van Vuuren Deuren



Hymphamp Jeugdteater – Tante Jellebel

Foarich jier fersoarge it Hymphamp Jeugdteater yn de krystfakânsje foar de basisskoallebern twa prachtige foarstellingen oer Tante Jellebel. Se komme op 'e nij nei Grou, dizze kear yn de hjerstfakânsje.



Foar de ûnderbou (1 o/m 4): *Tante Jellebel's toetje*
Oer in toetjeswedstriid, de ko Klaartje en tante Jellebel.

Foar de boppebou (5 o/m 8): *Tante Jellebel en it jubileumfeest*
Oer disko, DJ fireball, pankoeken, taart en ferkearing.

Tongersdei 24 oktober 2019 by Hotel Oostergoo

J&M Teaterwurk – De man fan dyn libben

De man fan dyn libben, in tragikomeedzje fol leafde en wraak, giet oer in sike frou dy't net wer better kin. Om har man goed achter te litten, siket se in nije leafde foar him. Se set in kontaktadvertinsje en dêr komt in moaie, jongere frou op ôf. Mar dan docht bliken dat har man en dy frou elkoar al kenne. Wat foar spul wurdt hjir spile en wa hâldt wa foar de gek?

Freed 25 oktober 2019 by Hotel Oostergoo



Leny Dijkstra en Hiske Oosterwijk – Taal op it spoar



Taal op it spoar is foar Grou ekstra bysûnder om't de Grouster komponist Cees Bijlstra sintraal stiet. Cees is fierste betiid ferstoarn, wat lykwols bliuwt is syn muzyk.

Âld fedette Leny Dijkstra en rising star Hiske Oosterwijk treffe mekoar yn de Cees Bijlstra-trein fan Arriva. Dy trein draacht de namme fan Leny har ferstoarne freon, komponist en begelieder dêr't se sa lang mei wurke hat yn teater en foar radio en tv. Hiske stapt by tafal yn de Cees Bijlstra-trein. Se fertelle en sjonge harren libbensferhaal mei selsspot en humor.

Freed 22 novimber 2019 by Hotel Oostergoo

Rjochtstreeks út Grou (RUG) – Freak Smink, Douwe Visser, Riemer van der Velde en Jos Thie

It bekende praatprogramma RUR is werom by de Krite. Allinnich hjit it tenei net mear RUR (**R**echtstreeks **U**it **R**ichter), mar **RUG** (**R**jochtstreeks **U**t **G**rou). Op 15 desimber 2019 presintearret Freak Smink foar de Krite ús earste offisjele **RUG** mei trije bysûndere gasten:

1. Douwe Visser, ús mearfâldich Grouster SKS-skûtsjekampioen;
2. Riemer van der Velde, de man dy't sc Hearrenfean grut makke hat en him dêr noch altyd tige mei ferbûn fielt.
3. Jos Thie, regisseur fan tal fan grutte Fryske teaterproduksjes lykas *ABE!*, *Kening Lear* en *De Stormruiter*.



Sneintemoarn 15 desimber 2019 by Hotel Oostergoo

Grouster Kritoaniel – Eurohotel keamer 719

Ús Kritoaniel spilet dit seizoen *Eurohotel keamer 719*, ien hotelkeamer... twa ferhalen. Wybe Koldijk is dit jier de regisseur.



It earste ferhaal giet oer Klaske en Sander Dykstra. Se sliepe jûn yn keamer 719 fan it Eurohotel yn Ljouwert want harren hûs is hjoed opnij yn 'e ferve set en... o ja se binne hjoed 24 jier troud! Hie harren houlik net wêze moatten?

It twadde ferhaal giet oer in houlik dat hjoed begjinne sil. Mirjam, de dochter fan Romke en Nynke Hoekstra, sil hjoed trouwe. Alle gasten binne yn de 'blauwe seal' fan it Eurohotel byelkoar. Mem Nynke wachtet yn keamer 719 op Mirjam, dy't noch hieltyd yn de badkeamer is.

Freed 17, sneon 18 en snein 19 jannewaris 2020 by restaurant Oan 't Wetter

Grytz & Grize – Kofjekonsert

Grytz & Grize wurde hieltyd populêrder yn Fryslân. Grytsje Melchers (Grytz) en Douwe van der Werff (Grize) sitte dan ek bepaald net stil en ûntwikkelje har aloan breder. Op dit kofjekonsert sjonge Grytz & Grize mei stipe fan twa muzikanten eigen Frysktalige lieten foar ús en in tal Ingelsktalige covers. Ek krije we in pear nûmers fan it projekt ‘Boudewijn de Groot yn it Frysk’ te hearren. Boudewijn omskreau it nûmer *Moarntiid* earder as ‘de beste bewerking van *Avond die ik ken*’.



Snein 15 maart 2020 yn It Teehûs

Ienakter(s) Jeugdtoaniel Krite Grou



Foar it earst offisjeel yn it Kriteprogramma opnommen: in jûn fersoarge troch ús eigen jeugdtoaniel. Der is yn 2018 en '19 hurd wurke om yn Grou it jeugdtoaniel fan de grûn te krijen. In entûsjaste ploech jonges en famkes hat toanielworkshops folge. En mei súkses! By de Iepening Wettersportseizoen 2019 wie der al in foarpriuwe mei strjitteater, mar no sille se mei ienakter(s) it publyk fermeitsje. Kom en bewûnderje de nijste Grouster toanieltalinten!

Sneon 28 maart 2020 by restaurant Oan 't Wetter

Nijs fan ús Kritejeugd

Yn maart fan dit jier koe de Grouster jeugd 3 toanielworkshops folgje dy't jûn waarden troch Grytha Visser fan Keunstwurk. Sy die allerhanne soarten oefeningen mei de bern en dy diene dêr fol oerjefte oan mei. Doe't Grytha frege oft se yn groepkes wat taryede woene foar in strjitteater, kamen der hiele aardige stikjes út. By de iepening fan it Wettersportseizoen koe it publyk it resultaat sjen: toeristen dy't tochten dat it Lochness meunster yn de Pikmar siet, trije dames út it Gooi drok oan it floggen en sykjend om de PC Hoofdstraat, en kommando's dy't yn Grou de fleanbasis fan Ljouwert tochten te finen.



Op it stuit binne we dwaande mei taryedings foar in ienakter-jûn op 28 maart 2020. Fierder biede we yn it neijier wer in tal workshops oan foar de jeugd. Se wurde fersoarge troch Jan Arendz en Marijke Geertsma en we binne tige benijd watfoar talinten dat wer opsmite sil!

Wy soene ús aktiviteiten foar de jeugd net realisearje kinne sûnder de finansjele stipe fan Stichting Viersen Hoekstra Steendam en it fûns Mid Fryslân. Tige tank dêrfoar!

Kaartferkeap

De kaartferkeap fan de Krite begjint 1 septimber 2019 by Jan&Japke, fia de webside of telefoanysk. Graach oant sjen by ús foarstellingen!
Bestjoer Krite Grou (info@kritegrou.nl)